

NIJS fan IT FRYSK BOUN OM UTENS. (FBOU)

It bestjoer fan it Boun en har meiwurk(st)ers binne drok dwaande om it boek "Friezen yn 'e Frjemdte" klear te krijen en út te jaan op de Algemiene Gearkomste fan 2 april 2011 yn Apeldoarn.

Mar hja ha noch mear op 'e priemmen set. Hjirûnder inkele aktiviteiten:

25 septimber 2010	Toanielstúdzjedei foar (kommende) toanielspyl(st)ers.
1 en 2 oktober 2010	Kaderwykein foar bestjoersleden en belangstellenden yn Fredeshiem.
2 april 2011	AG yn Apeldoarn (+ it boek "Friezen yn 'e Frjemdte").
14-16 oktober 2011	Wykein "Skylgeralân" op Skylge foar elts dy't komme wol.
12 maaie 2012	Boatreis foar alle Friezen, fanút Arnhem.

Foar de Toanielstudzjedei en it Kaderwykein op 25 sept. koene jo jo al opjaan.

Foar de AG op 2 april 2011 krije jo noch in útnoeging.

Wykein "Skylgeralân" op Skylge, sjoch mear hjirûnder

Us Friezedei yn Zwolle yn 2009 wie in grut súkses. Wy ha al drok oan it harsenskrabjen west foar in folgjende Friezedei. It idee kaam om dan mei inoar in boattocht te meitsjen. Faaks soe dy boatreis dat jier yn 't plak komme kinne fan it eigen kriteriske. 't Is mar in idee!

Wy tinke oan sneon 12 maaie 2012. De kosten op en foar de boat binne mei koffie, oranjekoeke, "captain's dinner" en neigesetsje sa'n € 36,50.

Letter mear nijs. **Bepreat it ris yn it bestjoer fan jo Krite.**

It FBOU is troch de belestingsjinst oanmerkt as in "Algemeen nut beogende instelling" (ANBI). Dat wol sizze dat as jo in jefte jouwe oan it BOUN, jo dy jefte by jo belestingojefte opfiere kinne by de jeften.

It bestjoer is drok dwaande om jild foar it boek by inoar te heljen by instellings dy't kulturele inisjatieven stypje. Dat slagget aardich, mar... wy binne der noch net. Mei oare wurden oft jo de útjefte fan it boek stypje wolle sadat wy wat mear út de kosten komme: Wolkom! en ... jo kinne it foar de Ynkomstenbelesting by jo oare jeften optelle.

De stipe kin oermakke wurde op Banknûmer 320077 fan it Frysk Boun om Utens te Dalfsen mei it neamen fan "Jefte Boek". As stiper wurdt jo namme yn it boek neamd .

Foar it wykein nei Skylgeralân fan 14-16 oktober 2011 wolle wy graach foar 1 jannewaris 2011 witte of dêr genôch dielnimmers foar binne. Oant dan ha wy in opsje op dy datum. Wy ha yn oerlis mei Klaske Jaspers, de direkteur fan de Folkshegeskoalle in aardich program opset û.o. Freed: nije film oer Skylge mei útliz. Sneons: kuier oer de dúnen fan Skylge mei in ferteller en jûns gesellige muzyk oan de iepen hurd. Sneins: Frou Jaspers fertelt oer Folkshegeskoalle "doe en no". Tuskentoch noch frij foar û.o.museabesyk. De

kosten: ferbliuw, iten en de boat binne sa'n € 225,-. p.p. as der minimaal 30 dielnimmers binne. Ha jo noch nea op Skylge west? Dan is dit jo kans mei in hiel goed fersoarge wykein fan freed 14 oktober 15.00 oere mei de boat en oant en mei sneintejûn 16 oktober om 20.00 oere werom yn Harns.

Sjoch op www.folkshegeskoalle.nl en dan klikke op Fotoalbum.

Graach in reaksje foar 1 jannewaris 2011 nei 030-2203528 of theo.andringa@hetnet.nl

Ut namme fan it Bounsbestjoer,
Boukje Andringa-Brattinga, 2^e skriuwster FBOU
Steenen Camer 76, 3721 ND Bilthoven.
till. 030-2203528 en e-mail: theo.andringa@hetnet.nl